This is a digital copy of a book that was preserved for generations on library shelves before it was carefully scanned by Google as part of a project to make the world's books discoverable online.

It has survived long enough for the copyright to expire and the book to enter the public domain. A public domain book is one that was never subject to copyright or whose legal copyright term has expired. Whether a book is in the public domain may vary country to country. Public domain books are our gateways to the past, representing a wealth of history, culture and knowledge that's often difficult to discover.

Marks, notations and other marginalia present in the original volume will appear in this file - a reminder of this book's long journey from the publisher to a library and finally to you.

Usage guidelines

Google is proud to partner with libraries to digitize public domain materials and make them widely accessible. Public domain books belong to the public and we are merely their custodians. Nevertheless, this work is expensive, so in order to keep providing this resource, we have taken steps to prevent abuse by commercial parties, including placing technical restrictions on automated querying.

We also ask that you:

+ *Make non-commercial use of the files* We designed Google Book Search for use by individuals, and we request that you use these files for personal, non-commercial purposes.
+ *Refrain from automated querying* Do not send automated queries of any sort to Google's system: If you are conducting research on machine translation, optical character recognition or other areas where access to a large amount of text is helpful, please contact us. We encourage the use of public domain materials for these purposes and may be able to help.
+ *Maintain attribution* The Google "watermark" you see on each file is essential for informing people about this project and helping them find additional materials through Google Book Search. Please do not remove it.
+ *Keep it legal* Whatever your use, remember that you are responsible for ensuring that what you are doing is legal. Do not assume that just because we believe a book is in the public domain for users in the United States, that the work is also in the public domain for users in other countries. Whether a book is still in copyright varies from country to country, and we can't offer guidance on whether any specific use of any specific book is allowed. Please do not assume that a book's appearance in Google Book Search means it can be used in any manner anywhere in the world. Copyright infringement liability can be quite severe.

About Google Book Search

Google's mission is to organize the world's information and to make it universally accessible and useful. Google Book Search helps readers discover the world's books while helping authors and publishers reach new audiences. You can search through the full text of this book on the web at `http://books.google.com/`

Over dit boek

Dit is een digitale kopie van een boek dat al generaties lang op bibliotheekplanken heeft gestaan, maar nu zorgvuldig is gescand door Google. Dat doen we omdat we alle boeken ter wereld online beschikbaar willen maken.

Dit boek is zo oud dat het auteursrecht erop is verlopen, zodat het boek nu deel uitmaakt van het publieke domein. Een boek dat tot het publieke domein behoort, is een boek dat nooit onder het auteursrecht is gevallen, of waarvan de wettelijke auteursrechttermijn is verlopen. Het kan per land verschillen of een boek tot het publieke domein behoort. Boeken in het publieke domein zijn een stem uit het verleden. Ze vormen een bron van geschiedenis, cultuur en kennis die anders moeilijk te verkrijgen zou zijn.

Aantekeningen, opmerkingen en andere kanttekeningen die in het origineel stonden, worden weergegeven in dit bestand, als herinnering aan de lange reis die het boek heeft gemaakt van uitgever naar bibliotheek, en uiteindelijk naar u.

Richtlijnen voor gebruik

Google werkt samen met bibliotheken om materiaal uit het publieke domein te digitaliseren, zodat het voor iedereen beschikbaar wordt. Boeken uit het publieke domein behoren toe aan het publiek; wij bewaren ze alleen. Dit is echter een kostbaar proces. Om deze dienst te kunnen blijven leveren, hebben we maatregelen genomen om misbruik door commerciële partijen te voorkomen, zoals het plaatsen van technische beperkingen op automatisch zoeken.

Verder vragen we u het volgende:

+ *Gebruik de bestanden alleen voor niet-commerciële doeleinden* We hebben Zoeken naar boeken met Google ontworpen voor gebruik door individuen. We vragen u deze bestanden alleen te gebruiken voor persoonlijke en niet-commerciële doeleinden.

+ *Voer geen geautomatiseerde zoekopdrachten uit* Stuur geen geautomatiseerde zoekopdrachten naar het systeem van Google. Als u onderzoek doet naar computervertalingen, optische tekenherkenning of andere wetenschapsgebieden waarbij u toegang nodig heeft tot grote hoeveelheden tekst, kunt u contact met ons opnemen. We raden u aan hiervoor materiaal uit het publieke domein te gebruiken, en kunnen u misschien hiermee van dienst zijn.

+ *Laat de eigendomsverklaring staan* Het “watermerk” van Google dat u onder aan elk bestand ziet, dient om mensen informatie over het project te geven, en ze te helpen extra materiaal te vinden met Zoeken naar boeken met Google. Verwijder dit watermerk niet.

+ *Houd u aan de wet* Wat u ook doet, houd er rekening mee dat u er zelf verantwoordelijk voor bent dat alles wat u doet legaal is. U kunt er niet van uitgaan dat wanneer een werk beschikbaar lijkt te zijn voor het publieke domein in de Verenigde Staten, het ook publiek domein is voor gebruikers in andere landen. Of er nog auteursrecht op een boek rust, verschilt per land. We kunnen u niet vertellen wat u in uw geval met een bepaald boek mag doen. Neem niet zomaar aan dat u een boek overal ter wereld op allerlei manieren kunt gebruiken, wanneer het eenmaal in Zoeken naar boeken met Google staat. De wettelijke aansprakelijkheid voor auteursrechten is behoorlijk streng.

Informatie over Zoeken naar boeken met Google

Het doel van Google is om alle informatie wereldwijd toegankelijk en bruikbaar te maken. Zoeken naar boeken met Google helpt lezers boeken uit allerlei landen te ontdekken, en helpt auteurs en uitgevers om een nieuw leespubliek te bereiken. U kunt de volledige tekst van dit boek doorzoeken op het web via `http://books.google.com`

839348
H998ts
B 971,753

TSJAMKE JURKJE.

Sang-Foardracht

TROCH

S. H. HYLKEMA.

LJOUWERT,
J. G. WESTER.
1880.

UNIV. OF MICH.


1817
ARTES
SCIENTIA
VERITAS
LIBRARY OF THE
UNIVERSITY OF MICHIGAN
TUEBOR
SI QUÆRIS PENINSULAM AMŒNAM
CIRCUMSPICE

H998t

TSJAMKE JURKJE.

Sang-Foardracht

TROCH

S. H. HYLKEMA.

LJOUWERT,
J. G. WESTER.
1880.

12453

TSJAMKE JURKJE.

Persoanen:

EALSE, in jong kearel.
JELTSJE, syn wiif.

It toaniel stelt in wenkeamer foar.

In berneportret mei in blommekrâns der omhinne hinget op 'e eftergroun oan 'e mûrre.

Jeltsje (*sit mei de hân oan 'e holle en sjongt nei in poaske*).

WIZE: »*Einsam bin ich, nicht alleine.*"

Hwêr myn man nou wol mei wêze?
't Wirdt wol 'k leauwe hast al dei;
Duldich sit ik hjir to wachtsjen,
Dochs hy bliuwt mar jimmer wei.

Och, hwet wierne d' earste jierren,
Fen ús trouwen lokkich — ja!
't Libben lake ús tomjitte,
Blier en ljeaflik — en nou sa!

'k Hie gjin God sels leauwe wollen,
Dy my yn dy dagen sei,
Dat for ús in bange tiid noch
Koart sels yn 'e takomst lei.

Ja, wy libben earst sa fredich,
Dei oan dei, fen jier ta jier.
Stjerren klonk do bang m' yn d' earen,
Nou woe 'k soms, dat 'k dea mar wier.

'k Bin to jong yet, om to stjerren,
Mar in libben sa 'k nou ha,
Och, den woe ik dochs mar ljeaver,
Nei myn bern, myn Tsjamke ta.

(Hja forberget hjar oanlit yn beide hannen en skriemt. De muzyk spilet ûnderwil, hiel sûntsjes, deselde melody yet ris.)

Tsjamke! — Och, dy is nou al twa lange jierren dea. Mei ús ienichst bern teach al ús lok wei. — Wy hiene hjar sa ljeaf, dat ingelaftich famke mei hjar donkere sprekkende eachjes — Ealse yette hast mear as ik. *(Mei hwet mear kreft.)* Hwêrom moasten wy dy skat ek misse! *(Nei in poaske.)*

Jouns, as ik se útklaeid hie, siet se yet in toarntsje op heite knibbel en den fortelde hy hjar hwet, ef song hjar in âld lietsje tofoaren, dat se it útkraeide fen wille. En as se hjar einling wirrich boarte hie, lei ik se yn hjar bêdtsje,

wylst myn man alle jounen by my thús bleau, om mei my oer ús lok — ús takomst to praten. *(Red.)* Der kriget ús ingel, deselde nachts, dat se trije jier wirde scoe, de kroep — en stoar. — Skrieme koe ik net, ik wier as forneatige. Ealse roun as forwêzen om, ef siet by it lykje en song — song it selde liet, dat er hjar tofoaren plichte to sjongen do se yet op syn knibbel boarte! O, dat flymde my troch 't hert. — De deis, dat se to hôf brocht waerd, lei ik siik to bêd, en do 'k de klokken for myn ljeaveling lieden hearde, wier 't eft myn herte ek stil stoe. Mar né! ik mocht do yet net stjerre! En myn man? *(Hja sjongt.)*

WIZE: »*Du Rose, du Liebe, du Holde.*"

Sa fleach yn in inkelde ûre,
Us ienichste skat fen ús wei;
En brocht sa de tsjustere nacht ús,
De nacht for de lokkige dei.

Mar ef yet dy slach noch to licht wier,
Forfrjemde ek myn Ealse fen my;
Hy siiket syn heul yn 'e frjemte,
En laket om hwet ik hjir ly.

Sjuch 'k him yn 'e nacht eft de moarntiid,
Hjir lilts en meast oansketten wer,
Den is 't, ef 'k de stim fen myn Tsjamke,
In stim út 'e himel wei hear:

»Kom memke, ei kom mar hjir boppe,
»Forlit disse wrâld mei hjar smert,
»Ik scil as jou ingel jou liede,
»Jou wachtet in trou ljeafjend hert.

(Sprekt.) Och ja, do wy ús famke net mear hiene, tocht ik safolle to ynliker oan myn man to hingjen. Mar it wier krekt, eft Ealse deselde net mear wier — eft er net mear fen my hâlde. En o! dy freze scoe mar al to gau wjirheid wirde. Tsjamke hie syn ljeafde for my mei yn it tsjustere grêf nomd. Bern en man, hja rekken beide for my forlern. Hast alle jounen giet er sont dy tiid út en komt earst djip yn 'e nacht thús. Faek bliuwt er hiele dagen en nachten wei en dochs doar ik er neat fen sizze, hwent den wirdt er lilts en opfleanend en driget dat er by my wei gean scil — dat wy skiede moatte. — o, God! — wy skiede! — *(Hja sjongt.)*

WIZE: »*Vaar licht matroosje*" *út* »*les Cloches de Corneville.*"

Sa blea 'k allinne,
Och hwêr scil 'k hinne?
Myn ljeafsten binne for my hjir forlern.
Ik earem minske,
Kin hwet 'k ek winskje,
Gjin inkeld ljocht yn 'e takomst mear sjen.

»Dyn hert scil bliede,
»'t Kwea scil dy liede,
»Dou bist de skild fen de dea fen ús bern,"

Sa spriek myn man, ja,
My op in joun ta,
»Dou hast for iwich myn ljeafde forlern."

Hy miende, dat ik net goed op hjar past hie; dat se troch myn ûnforsichtigens kjeld skipe en sa de kroep letter krige hie. *(Mei kreft.)* Né man, dy biskildiging is falsk, myn gewisse is frij! *(Hja bliuwt efkes yn tinsen sitten.)* Mar hwet bliuwt Ealse bjustere lang wei. Ik mei wol ris sjen, it wirdt sa let, hy koe ek ris in ûngelok krige ha. *(Hja harket by de doar)* Hear ik der net hwet? *(Hja harket wer.)* Né, 't scil de wyn wêzè. *(Slacht in doek om en set it hoedtsje op.)* Komoan! *(Docht de door iepen en sjucht nei bûten.)* Tsjustere nacht yet. — Doar ik wol? *(Biret.)* Kom, foart mar! hwet scoe min my ek dwean! *(Giet ôf. It toaniel bliuwt efkes leech.)*

Ealse *(Komt hwet forwyldere op, falt op in stoel del en strykt mei de hân oer 'e foarholle.)*

Fy, hwet is in minskelibben al! Min dreamt fen gelok, min grypt it, tinkt it festhâlde to kinnen en faek wirdt mei ien inkelde slach alles ta neat makke. Min rint de doar út, drinkt om syn leed to forjitten, mar as de roes útslept is, stiet it âlde spoek yette safollesto ôfgrysliker foar yn. Né, dat kin sa net mear! Ik moat foart — fier foart. Faek ha 'k it al dwaen wollen, faek ha 'k hjar drige, (*heftich*) mar nou scil 't! — ik wol! Hwent

thús — hwet ha 'k thús? In wiif — Né, ik wol hjar net mear kinne — ik kin hjar net mear ljeafhabbe. (*Hy sjongt.*)

WIZE: »*Vaar licht matroosje*" *út* »*les Cloches de Corneville.*"

Iens wier 'k tofreden,
Net sûnder reden;
Ik hie in wiif en in skat fen in bern
Lake my yette
't Libben tomjitte,
Koe 'k blier en frij yn 'e takomst noch sjen.

Mar 't scoe net bliuwe,
Jimmer fordriuwe
It lok en ûnk al ringen elkoar;
Myn lytse Tsjamke,
Dat byldrich famke,
Dy ik sa ljeaf hie, waerd siik en — hja stoar.

(*Sprekt.*) Dat is myn wiif hjar skild; al seit se ek tûzenkear fen net. Hja hat net goed op hjar past; myn warskouwingen waerden yn 'e wyn slein. En dat forjouw 'k hjar nea — nea! *(Sjucht om him hinne.)* Mar hwêr is hja? *(Hy ropt.)* Jeltsje! *(giet nei de syddoar.)* Jeltsje, hwer biste? — Scoe se mûlk nei bêd gien wêze? — Ef scoe se meiskien by bûrman ..... *(Lûkt in biteikenisfol gesicht.)* Mar né! *(Ropt wer.)* Jeltsje! Jeltsje! — Gjin andert? — Der moat 'k dochs mear fen witte. *(Giet ôf troch de syddoar en komt foart wer op.)* Né, hja is der net, it bêd is leech.

Scoe 't wjirheid wêze, hwet Greult my sei, dat myn

wiif mei ús nije burman..... Scoe dat er ek yet bykomme moatte?

Jeltsje *(komt op en sjucht hjar man).*

Ah!

Ealse *(rint mei greate stappen op hjar ta, fettet hjar by de earm en lûkt hjar mei geweld nei de foargroun).*

(*Strang.*) Hwer heste hinne wêst?

Jeltsje (*kel*).

Ik? — Ik scoe.....

Ealse.

Ik scoe. — Hwet scoeste?

Jeltsje.

Dou bliuwste sa lang....

Ealse (*falt hjar yn 'e reden*).

Bigjint it âlde deuntsje wer? Ik wol witte hwetstou yn 'e nacht bûten hûs to meitsen haste.

Jeltsje.

Ik scoe dy siikje.

Ealse.

Leagens! Sprek de wjirheid!

Jeltsje.

Ik sprek de wjirheid.

Ealse.

Leagens, yet ris! (*hy skoddet hjar oan de earm*). Scilste ek opbychte?

Jeltsje (*sjongt*).

Wize: „*de scheepsjongen.*"

Hwet hab ik dy misdien,
Dastou sa rimpen biste?
It waerd my al to let,
En 'k wier yn noed oer dy;
Ik gyng troch tsjustre nacht,
Om bûten dy to siikjen,
Wylst 'k bibbere fen kjeld.
Is dat forkeard fen my?
Ik hab dy jimmer ljeaf,
Al meist my net mear lije;
Dou bist en bliuwst myn man,
Al telst as wiif my net.
Hwet hab ik den misdien?
Ik kin 't my net bigripe.
Och man, forklearje 't my,
Hwêrom dy tiid foarby,
Dostou sa ljeaf my hiest,
Sa ljeaf as ik yet dy.

Ealse.

Hwet jout it, dy op nij
Hjir alles to forwiten;

Dou witst it wis wol goed,
Hwet ef de oarsaek is.
En hwet der ienkear bard'
Is nea wer goed to meitsen;
Stoe ek de sinne stil,
't Foroare net — dat 's wis.
't Is better dêrom mar,
Nou fen elkoar to skieden,
Wy binn' den beide frij,
En dogge elts syn sin.
Ik bin sa 't libben sêd,
'k Wol hjir net langer bliuwe.
Farwol den wiif, farwol!
Nea komst my wer to sjen,
Ef 't moast, dat troch de tiid,
Myn hert genêse ken.

Jeltsje.

Astou gieste, mei 'k dy den folgje?

Ealse.

Né, — Ik nim allinne it heechst nedige mei, it oare bliuwt alles dyn eigendom — ik skink it dy. (Jeltsje *falt op in stoel del en snikkert lûd;* Ealse *giet neî de secretaire, nimt er hwet jild en inkelde oare spillen út, sjucht sommige pompieren troch, stekt dy yn 'e bûse ef leit se wer to plak.*)

(*Sprekt.*) Farwol den! (*As* Jeltsje *neat seit en ûnbiwigelik sitten bliuwt, giet er nei hjar ta, fettet hjar by de hân beet, dat hja stil bigean lit en seit yet ris:*) »Farwol!

(*Hwêrnei er hastich ôfgiet, lykwol in amery letter wer opkomt, in doek mei gûd ût 'e secretaire nimt en der hird mei foart scil*).

Jeltsje (*springt oerein, fljucht nei de doar ta en hâldt Ealse torêch*).

Ealse, aste yet in bytsje meilijen mei my haste, lit my dit den hâlde, it is mines. (*Hja ûntskûrt him it pakje en fluchtet er mei nei de hoeke fen it toanïel. De doek is er troch 't wraxeljen omwei fallen*).

Ealse.

It biheart my ta; jouw op! (*Hy wol it gripe.*)

Jeltsje.

Tsjamke hjar jurkje? Né, dat is myn eigendom. (*Hja songt.*)

WIZE: »*Wilt allen onzen dank ontvangen.*"

Och, lit dit jurkje my bihâlde,
It jurkje fen myn Tsjamkeljea';
Ik hie it for hjar jierdei makke,
Mar do 't it klear wier, lei hja dea.
Nim alles mei, 'k wol alles misse,
As 'k mar dit kleedtsje hâlde mei;
'k Hab sward it stees yn ear to hâlden,
Do 't berntsje op hjar siikbêd lei.

Ealse.

My komt it ta, ik wol it habbe,
Dêr hab ik just in sin nou by;

Al hwet hjir is, it is myn eigen,
Dos heart dat jurkje ek oan my.
Ik lit dy alles graech bihâlde,
Ja alles — ta de lêste stûr;
It húsrie, jild en lân — 't is dines,
Mar 't jurkje net — komoan, jouw oer!

Jeltsje (*sjongt*).

WIZE: »*Das theure Vaterhaus.*"

As Tsjamke út 'e himel wei,
Us beide sa hjir seach;
As den dat lytse famke as
In ingel ta ús fleach
En spriek: »My heart it jurkje ta,
»'t Bliuw lizzen sa 't it leit;
»Dat lytse jurkje is de bân,
»Dy mem forbynt oan heit!"

(*Hja nimt Ealse by de hân en seit langsum:*) Scoe 't ek wier wêze kinne, man? It is hjoed krekt hjar jierdei — en wiste wol, hwet wy hjar ûnthjitten habbe, do se ús op hjar siikbêd bea, om hjar nij moai jurkje for hjar to biwarjen, tadat se werom kaem?

Ealse (*oandien*).

Ja, dat wit ik sa goed, as wier 't jister bard. Wy ûnthieten hjar, om it for hjar ré to hâlden; hja wist net better ef »út fen hûs" en »dea" wier itselde.

J. G. WESTER fo Ljouwert hat ek útjown:

Lytse Toanielstikjes en Sang-Foardrachten

troch S. H. HYLKEMA,

priis 60 Cinten.

DE TWA RINGEN,

Toanielstik yn trye bidriuwen, troch T. VELSTRA

priis 75 Cinten.